

BESLUTELIST FAN DE GEARKOMSTE FAN DE RIE FAN MENAMERADIEL

Tongersdei 25 juny 2015

Oanwêzich

Foarsitter	:	de hear T. van Mourik
Griffier	:	mefrou W. Bruinsma
P.v.d.A.	:	mefrou M. van der Meer en de hear J.C.L.M. van der Lubbe
F.N.P.	:	de hearen H.F. Sinnema en H. Hoekstra en mefrou S. Tijsma
GroenLinks	:	de hear J. Harms
C.D.A.	:	de hearen J.J. Zijlstra, A. Osinga en J. Eijzenga
Gemeentebelangen	:	de hearen W. Roersma, P. Kingma, P. Drost en K. Arendz en mefrou A.M. Mast
V.V.D.	:	de hear A. Magré
Kolleezje	:	wethâlders L. Pen en A. Dijkstra
Mei kundskip ôfwêzich	:	-

1. Iepenings en meidielings

Foarsitter iepenet de gearkomste om 20.00 oere mei in hertlik wolkom en dielt mei dat iderien oanwêzich is.

2. It fêststellen fan de wurklist

De wurklist wurdt fêststeld.

3. Fragen troch boargers oer op de wurklist fermelde ûnderwerpen

Ynsprekker de hear Van der Lei fan pleatslik belang Bitgum, Bitgummole en Ingelum komplimintearret de rie en it kolleezje mei de kar foar de ûnderwiishúsfesting yn Bitgummole. Pleatslik belang hopet dat alle belanghawwenden goed ynformearre wurde en dat der in goed stappeplan komt. De ynsprekker heart ek graach wat der de kommende wiken en dagen bart. It soe moai wêze dat it net allinnich in bernsintrum foar bern fan 0 oant 12 jier wurdt, mar dat ek de hûsarts in plakje krijt yn it gebou.

De hear Osinga (CDA) seit dat de hûsarts al in praktykromte hat. Is der mei de dokters oerlein?

Ynsprekker de hear Van der Lei seit dat de dokters der wol earen nei ha. Der is no gjin needsaak om te ferhúzjen, mar faaks wurde de dokterswenning en de praktyk yn de takomst ferkocht. De ynsprekker sjocht mear mooglikheden foar organisaasjes dy't der by yn wolle.

4. Fragen troch riedsleden

Gjin fragen.

5. It fêststellen fan it ferslach fan de rie fan 28 maaie 2015

De hear Harms (GL) wie der op 28 maaie net by, mar hy wol in stik taret oer punt 10 (Schatzenburg). Hy soe dat graach oan it ferslach taheakje, mar as dat net kin, sil er it de riedsleden tastjoere.

De hear Osinga (CDA) wol op side 5, punt 18 syn wurden wizigje yn: 'De fraksje fynt it spitich dat der gjin romte mear is foar Interzorg. De motiven foar subsidiearring yn 1995 (bestjoerlik draachflak en helpfraach) binne hjoed de dei net mear oanwêzich. De stichting profyleart harsels neffens it jierferslach net mear as kristlike organisaasje. Mar de fraksje begrypt ek dat de resultaten der nei binne en dat it kolleezje dêrom de kar makke hat om mei de subsydzje foar Interzorg op te hâlden. De fraksje seit dat it kolleezje kiest foar organisaasjes dy't hannelje op algemiene grûnslach. Dat fynt CDA te koart troch de bocht. As de tsjerke yn Blessum in aktiviteit organisearret rûnom de wmo en doarpsbelang yn Boksum organisearret deselde aktiviteit, dan kin de iene wol subsydzje krije, mar de oare net. Dat is net goed. De rol fan de tsjerke wurdt neffens CDA yn it ramt fan de soarch allinnich mar grutter. It soe dêrom better wêze om de foarkar te jaan oan algemiene organisaasjes, sa bliuwt de doar ek foar tsjerklike organisaasjes iepen.

De hear Sinnema (FNP) fynt dit wol hiel grutte wizigings, it is in koart ferslach.

Mefrou Van der Meer (PvdA) slút dêrby oan.

De fraksjes fan GB, CDA en VVD fine dat it ferslach wol wizige wurde kin sa't de hear Osinga wol.

It ferslach wurdt fêststeld, de ynbring fan de hear Osinga wurdt oanpast.

6. Ynkomen stikken

Oer 3 (Fier); de hear Magré (VVD) freget oft wat Fier fynt, ha se al in reaksje jûn?

Wethâlder Dijkstra seit dat de âlders no kenber meitsje kin it net iens te wêzen mei it foarnimmer fan Fier om de skoalle yn Boksum te sluten. It is no net oan de gemeente om in stânpunt yn te nimmen. Fan Fier hat de wethâlder noch net heart, hy giet derfan út dat de ûnderwiisgroep noch hieltyd foarnimmens is de skoalle te sluten.

Oer 9; mefrou Tijsma (FNP) freget hoe't de Tsjinst tinke kin dat der twa moasjes oannaam binne.

Foarsitter seit dat de moasjes oanhouden binne, der is ôfsprutsen om te freegjen wat de Tsjinst fan dy moasjes fûn, dat is dien.

7. Ynformaasje fan it kolleezje

-

8. Gemeentlike fertsjinwurdigings

De hear Magré (VVD) freget oangeande de alvestêdenfarrûte dat 1 july ôfrint oft der al in einrapport is.

Wethâlder Dijkstra seit dat de definitive ôfreckening noch net klear is.

Wethâlder Pen seit oangeande de ôffalstjoering dat der moarn in gearkomste is. De tariven bliuwe yn 2016 itselde. De ferbrâningstaslach is ôfrûne jier troch it ryk ynfierd en om't der noch ôffal lei dat ferbaarnd wurde moast, giet dat jild kostjen. Oangeande Fryslân Miljeu; der kom in bytsje dividintútkearing, de wethâlder sil freegje oft de tariven wat ferlege wurde kinne. Hús en Hiem; sit wer yn de swarte sifers, de tariven bliuwe itselde. Tytsjerksteradiel is der útstapt en hat dêrfoar betelle. Hús & Hiem kin ek om advys frege wurde, dat wurdt troch hieltyd mear gemeenten dien. Yn de nije gemeenten moat aansjen sjoen wurde hoe't dy der mei omgiet. De tariven bliuwe lyk.

Wethâlder Dijkstra oer Fryslân West; alle rieden wurde nei de fakânsje bypraat oer de resultaten en de relaasje mei Pastiel. Oangeande Kulturele Haadstêd 2018; de wethâlder fan Ljouwert sil de rieden fan oare gemeenten byprate oer de mooglikheden, ek foar toerisme en rekreaasje.

9. List mei tasizzings

Mieningsfoarming

10. Fêststelle bestimmingsplan Headyk 8, Dronryp

De hear Van der Lubbe (PvdA) freget oft dit net past binnen de romte dy't it bestimmingsplan biedt. En de planskea-oerienkomst, dy wurdt meastentiids allinnich ôfsluten as der kâns is op it ûntstean fan planskea. Is dat yn dizze situaasje wol oan de oarder?

De hear Zijlstra (CDA) wol dizze jonge ûndernimmer net beheine yn harren aktiviteiten en kin ynstimme.

De hear Kingma (GB) slút dêrby oan.

De hear Magré (VVD) stimt ek yn.

De hear Hoekstra (FNP) fyn it moai dat de ûndernimmer de romte krijt en stimt yn.

Wethâlder Pen seit dat it kolleezje it faaks sels wol ôfhannelje koe, mar woe de rie der wol by belûke. De kâns op planskea liket de wethâlder nihyl, mar it is goed om it dochs te regeljen.

De hear Van der Lubbe (PvdA) seit dat as it ek sûnder in nij bestimmingsplan koe, it hurder en goedkeaper west wie.

Wethâlder Pen seit dat der oer planskea praat is, de yntsjinner like dat prima. It wie nuver om it letter werom te draaien. De amtners ha advisearre dizze wiziging troch te fieren.

Foarsitter seit dat it te útwrydske aktiviteiten binne foar de agraryske bestimming. Boppedat fine de nije aktiviteiten plak neist de agraryske aktiviteiten.

De hear Van der Lubbe (PvdA) begrypt dat en kin ynstimme.

Dit punt giet as hammerpunt nei it beslútfoarmjende part fan dizze gearkomste.

11. Wiziging (4de) programmabegrutting

De hear Drost GB) stimt yn mei it útstel.

De hear Osinga (CDA) slút dêrby oan.

De hear Magré (VVD) stimt yn mei it útstel.

Dit punt giet as hammerpunt nei it beslútfoarmjende part fan dizze gearkomste.

Beslútfoarming

10. Fêststelle bestimmingsplan Headyk 8, Dronryp

Besluten wurdt oerienkomstich it útstel.

11. Wiziging (4de) programmabegrutting

Besluten wurdt oerienkomstich it útstel.

Foarsitter slút de gearkomste om 20.40 oere.

Griffier,

Foarsitter,

W. Bruinsma

T. van Mourik